

Dichteres Janneke Spoelstra oertsjûget mei har fersen Debuten fan ferskillend nivo

Trije nije dichtbondels ferskynden koartlyn fan de debutanten Foppe Venema, Janneke Spoelstra en Kees van Leeuwen. Wylst Venema en Van Leeuwen muoite hawwe om boppe it rimelderij-nivo út te kommen, oertsjûget Spoelstra wol mei har autintike, trefsekere fersen.

PIER BOORSMA

Bij útjouwerij Frysk en Frij debutarret Foppe Venema mei de dichtbondel *In slach om 'e pleats*. Foppe Venema waard yn 1961 berne te Ousterhaule. Sûnt 1993 wennet er yn Frankryk, dêr't er as learaar ierdrykskunde en skiednis ferbûn is oan in ynternasjonaal lyseum yn Genève. Om mei de doar yn hûs te fallen, de rymjende fersen fan Foppe Venema doge net. Ik sil dat sjen litte oan it gedicht 'Keninginne fan it greidlân':

*In simmerlang bin ik tein
troch greidlân sûnder ein,
dêr't gers yn 'e sinne baaide
en gielgrien opwaaide.*

*Ljochter waard ek it grien
fan in beamwâl. Net ien
hie it betinke kinnen sa,
mar men woe it net oars ha.*

*In oar wûnder ûnderweis
wie dat ik neisimmerdeis
by in efterôfpleats lâns teach
en dy op it bjinstep seach.*

Venema rymt te maklik. Hij bringt rym ta stân troch stoplappen yn 'e tekst op te nimmen. Bijgelyks yn 'e twadde strofe jout de sin 'Net ien hie it betinke kinnen sa, mar men woe it net oars ha' gjin ekstra ynformaasje. It tsjinnet allinne mar om rym ta stân te bringen. As Venema net rymt, is it fers fuortdaliks in stik better lykas yn it fers Framboaze-iis:

*Ik baam en raan
as ik har sjoch
Har laitsjende eagen.
Rinst in eintsje
mei my op?*

*Earne ûnderweis
ite wy in iustolty
Har laitsjende lippen.
De smaak fan framboazen.*

De dichter tsjut yn sa min mooglik wurden oan wat der bart en jout sa de sfear goed wer. It ûntbrekt de dichter lykwols oan talint om fan de

rymjende fersen in slagge gehiel te meitsjen.

Janneke Spoelstra

De twadde debútbondel bij útjouwerij Frysk en Frij is *Goeie is it wachtwurd* fan Janneke Spoelstra. Sy waard yn 1962 berne yn Hijum. Yn 2000 kaam fan har in Fryske oersetting út fan 'e roman *Pan* fan 'e Noarske skriuwer Knut Hamsun. Janneke Spoelstra is redaksjefid fan it literêre tiidskrift *Hjir* en wurket as korrektor en oersetter. Wat my oanstiet yn it dichtwurk fan Janneke Spoelstra is de ienfâld en de direktens fan har formulearringen. Se hat net folle wurden nedich: yn ienfâldige en oansprekkende bylden wit se situaasjes oan te tsjuten lykas yn it gedicht 'Termyk':

*De hing-glider wie ik yn dy dagen.
Ik hie it kleurich seildoek
fan myn plannen útteard*

*Liet se, dy't mij yn 'e gaten
hoden, mûskopje
fan hoe komt dit en wat sil dat.
Ik fielde it tillen.*

'It kleurich seildoek fan myn

plannen útteard' is yn ferbân mei de hing-glider in moai byld. Noch in foarbyld út in fragmint fan it fers 'Lyts':

*famke giet dwyl fan 't wikseljend
ljocht de dyk del, draaft yn 'e sinne
om de grutte hannen fan it skaad
foar te bliuwen,*

De dichtregel 'de grutte hannen fan it skaad' is ek hjir in treffend byld.

De bondel hat fiif ôfdielingen: 'wa docht mei roverke', 'de hing-glider', 'de oerloop', 'skuorde greide' en 'dropkes foar de ferliezers'. Yn 'de oerloop' stiet it leafdesfers 'Om dij' dat in goed byld jout fan de trefsekere skriuwrant fan Janneke Spoelstra

*Simmers fytste ik
traap foar traap
dij yn 'e mjitte*

*winters ried ik
streek foar streek
op dij ta.*

*En net te witten
wêrsto fytstest
net iens ofst
wol in rider wiest.*

De fersen fan Janneke Spoelstra binne autintyk en hawwe in eigen toan. Dizze gedichten fertsjinje it om lêzen te wurden.

Kees van Leeuwen

De dichtbondel *De ekers en 'e*

faam fan stien fan byldzjend keunstner Kees van Leeuwen is in Frysk debút. De bondel is earder yn it Nederlânsk ferskynd ûnder de titel *De akkers en de maagd van steen* (1978) De Fryske bondel is yn eigen behear útjûn en oerset troch Kees van Leeuwen sels mei help fan de meiwurker fan it Gysbert Japicxhûs. Yn de bondel steane acht ôfbyldingen fan bisten, dy't yn relaasje steane mei in tal gedichten. De fersen út dizze bondel sizze my neat. Nim it folgjende gedicht:

*tôgjend efter de papieren karre
lûkt de hûn de krollewein
it semint sinkt ûnder syn fuotten we
rimmetyk bekrûpt syn lea
jinsen klaut de boargemaster
oan syn burd
en kantelet it tûnstek
oan 'e oare kant fan 'e dyk
binne de gielsyskes oant ferfearjen
en
blaze bûlen (it wurdt noch slimmer
noch absurder)
de hûn efter de karre
en foar de wein
spant de boargemaster yn
klaut yn syn burd
kantelet it tûnstek en
begjint te ferfearjen*

Yn de twadde helte fan dit fersteane de absurditeiten. De gielsyskes binne oan it bûlen blazen, de hûn spant de boargemaster yn, klaut yn syn burd kan telet it tûnstek en begjint te ferfearjen. Ik wurd hjir kâld noch waarm fan. Yndied it ûnmooglike wurdt mooglik, mar ik bin earde: ynteressearre yn de absurditeiten fan it minskelibben as yn de absurditeiten fan optochte stikken. Boppedat as dit prosedee in pear gedichten efterinoar folhâlden wurdt dan is it al gau net me ar as in trúk. Even oer de oersetting: it is tige steurend dat oera dêr't 'yn' stean moat 'in' stiet.

De gedichten fan Kees van Leeuwen binne geskikt foar famylje erkunden, mar net foar de poëzijlêzer

In slach om 'e pleats. Foppe Venema. Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert. Priis: 12 euro.

Goeie is it wachtwurd. Janneke Spoelstra. Utjouwerij Frysk en Frij Ljouwert. Priis: 12 euro.

De ekers en 'e faam fan stien Kees van Leeuwen. Utjûn yn eigen behear, Boalsert.



„Famke giet dwyl fan 't wikseljend ljocht de dyk del, draaft yn 'e sinne om de grutte hannen fan it skaad foar te bliuwen“, in fragmint út it gedicht 'Lyts' fan Janneke Spoelstra.

Foto: ANP